



1029475/TC

KARBRIEFWIZIGING
STIFTING RIED FAN DE FRYSCHE BEWEGING

Hjoed, fjirtjin septimber twatûzen trijeëntweintich, ferskynden foar my, mr. Grietje ---
Martha Brouwer, kandidaat-notaris, hjirnei te neamen: notaris, as waarnimmer fan --
mr. Froukje Geraldine Spa, notaris yn de gemeente Achtkarspelen: -----

1. de hear **Reinder Reitsma**, wjend te 8918 MB Leeuwarden, de Weeren 8, -----
berne yn de gemeente Wymbritseradeel op santjin augustus -----
njoggentjinhûdertnjoggenenfjirtich, troud; en-----
2. frou **Nynke Pytsje Beetstra**, wjend te 9001 GH Grou, Abbema 15, berne yn --
de gemeente Workum op twa maaie njoggentjinhûderttrijeënfjirtich, widdo en
op dit stuit net troud en net registrearre as partner yn de sin fan it registrearre -
partnerskip, -----

hjiirre hanneljende as foarsitter en skriuwer fan de **Stifting Ried fan de Fryske** -----
Beweging, fêstige yn Leeuwarden, feitlik fêstige Boterhoek 1, 8911 DH Leeuwarden,
ynskreaun yn it hannelsregister fan de Keamer fan Keaphannel ûnder nûmer -----
41001414, en as sadanich op grûn fan kêst 8 fan it hjoeddeistige karbrief befoege de
stifting rjochtsjildich te fertsjintwurdigjen, hjirnei ek neamd "de Stifting". -----

Ynlieding.-----

De komparanten, hanneljende as neamd, ferklearren as folget: -----

1. De Stifting is oprjochte op sânentweintich oktober njoggentjinhûdert -----
ienensantich.-----
2. It karbrief fan de Stifting is de lêste kear wizige by akte op njoggentjin desimber
twatûzen seis, passearre foar mr. E.M.W. de Lange, doe notaris fêstige yn de ----
gemeente Leeuwarden.-----
3. Dat yn de op fyftjin maaie twatûzen trijeëntweintich en sân juny twatûzen -----
trijeëntweintich holden gearkomsten fan it bestjoer fan de Stifting, mei it -----
achtslaan fan alle wetlike en statutêre easken, in beslút nommen is om it -----
karbrief te wizigjen en folslein op 'e nij fêst te stellen lykas hjirnei neamd, dêr't --
blikken fan docht út de tekene oantekens fan de bestjoersgearkomste de dato ---
sân juny twatûzen trijeëntweintich, dêr't in kopy fan oan de akte hechte wurdt --
(**Bylage**). Ek in kopy fan de útnûging fan dy twadde gearkomste en in tekene ----
presinsjelist wurde oan dizze akte hechte. (**Bylage**)-----

Om it boppesteande út te fieren ferklearje de komparanten, hanneljende as neamd,
dat foar de Stifting fan fjirtjin septimber twatûzen trijeëntweintich ôf it folgjende jilde
sil: -----

KARBRIEF-----

Namme, fêstigingsplak -----

Kêst 1 -----

De Stifting draacht de namme " Stifting Ried fan de Fryske Beweging" fierder yn dit ---
karbrief te neamen "Stifting". De Stifting is fêstige yn de gemeente Leeuwarden -----
(Ljouwert). -----

Kêst 2 -----

De Stifting hat ta doel it bewarjen en befoarderjen fan de Fryske identiteit, taal en ----
kultuer. -----

Kêst 3 -----

De Stifting besiket om dat doel te berikken troch it útfieren en koördinearjen fan -----
 aktiviteiten dy't it doel tsjinje kinne, lykas: -----

- a. It befoarderjen fan ienheid en in goede wurkferdieling yn de Fryske Beweging; --
- b. It fertsjintwurdigjen fan de Fryske Beweging yn it ferkear mei oerheden, mei -----
 amtlike en publike ynstânsjes en mei ynstellingen en fermiddens; -----
- c. It organisearjen fan kursussen, konferinsjes en iepenbiere diskusjes; -----
- d. It ynstellen fan kommisjes; -----
- e. It –al of net yn 'e mande mei oaren – behearen fan in buro foar tsjinstferliening;
- f. It útjaan fan publikaasjes, al of net periodyk; -----
- g. It jaan fan finansjele stipe oan aktiviteiten dy't de doelen fan de Stifting -----
 befoarderje -----
- h. Oare middels. -----

De Stifting -----

Kêst 4 -----

1. It bestjoeren fan de Stifting is opdroegen oan it bestjoer. -----
2. It bestjoer fan de Stifting bestiet út in troch it bestjoer fêst te stellen tal fan op ---
 syn minst trije en op syn meast sân bestjoersleden. -----
3. De bestjoersleden wurde beneamd troch it bestjoer. Yn fakatueres moat sa gau
 mooglik foarsjoen wurde. It bestjoer kiest út syn fermidden in foarsitter, in -----
 skriuwer en in ponghâlder. De funksjes fan skriuwer en ponghâlder kinne troch
 ien persoan ferfolle wurde. -----
4. De bestjoersleden wurde beneamd foar in perioade fan fjouwer jier. Hja geane -
 ôf neffens in troch it bestjoer op te meitsjen roaster. In bestjoerslid dat neffens it
 roaster ôfgiet, kin fuortendaliks op syn meast noch twa kear nei-inoar op 'e nij --
 foar fjouwer jier beneamd wurde. -----
5. In bestjoerslid defungearret: -----
 - a. troch syn ferstjerren; -----
 - b. troch it ferlies fan it frije behear oer syn fermogen; -----
 - c. troch syn ôfgean (al of net neffens it yn lid 3 bedoelde roaster fan ôfgean); -
 - d. troch ûntslach him jûn troch de mienskiplike oare bestjoersleden; -----
 - e. troch ûntslach op grûn fan kêst 2:298 Boargerlik Wetboek. -----
6. Yn gefal fan ien of mear fakatueres yn it bestjoer, hâldt it bestjoer syn foegen. By
 ôfwêzigens of belet fan alle bestjoersleden is de hjirnei te neamen kaskommisje
 tydlik belêste mei it bestjoeren fan de Stifting. Ûnder belet wurdt yn dit karbrief
 yn alle gefallen ferstien de omstannichheid dat it bestjoerslid foar de doer fan in
 perioade fan mear as sân dagen ûnberikber is troch sykte of oare oarsaken. -----
7. De Stifting hat in Advysried. De Advysried wurdt foarme út fertsjintwurdigers fan
 Fryske Bewegingsorganisaasjes, dy't talitten binne neffens it bepaalde yn kêst 9.
 De Advysried hat it rjocht om advizen út te bringen oan it bestjoer. -----
8. De Stifting hat in kaskommisje. De kaskommisje bestiet út in fertsjintwurdiger ---
 fan de Advysried en ien stiper. In kaskommisjelid wurdt beneamd troch it -----
 bestjoer foar de termyn fan twa jier. De kaskommisje jout jierliks foar ien april in
 advys oan it bestjoer oer it fêststellen fan de jierrekken fan it foargeande jier. ----

Kêst 5 -----

1. Alle jierren beleit it bestjoer foar ien juny in jiergearkomste dêr't it alle stipers, de
 leden fan de Advysried en de kommisjes foar útnûget. De gearkomste is -----
 tagonklik foar treden, útsein as it bestjoer oars beslút. -----
2. Op de jiergearkomste bringt it bestjoer ferslach út oer de resultaten fan itjinge --
 de Stifting yn it ôfrûne jier fan doel wie en by de ein hân hat. -----



3. It bestjoer leit dan ek in aksjeplan foar it kommende jier foar konsultaasje oan -- Adysried en stipers foar. It bestjoer stelt it aksjeplan foar it kommende jier fêst. - De útfiering fan it aksjeplan wurdt opdroegen oan troch it bestjoer ynstelde ----- kommisjes; Fryske bewegingsorganisaasjes kinne as sa'n kommisje wurkje. -----
4. Op de jiergearkomste kinne de Advysried en de stipers útstellen dwaan en ----- fragen stelle; ek bûten de gearkomsten om kin dat, op betingst dat it dan skriftlik bart. -----
5. It bestjoer beslút yn besletten rûnte oer eventuele útstellen. -----

Kêst 6 -----

1. De gearkomsten fan it bestjoer wurde holden yn Nederlân op it plak dat yn de -- opropping oanjûn is. It bestjoer kin yn ienriedigens fêststelle om de gearkomste mei fideobeljen te hâlden as dêr needsaak ta is. Der wurdt op syn minst seis ---- kear jiers in gearkomste holden. -----
2. Fierdersoan wurde gearkomsten holden, wannear't ien fan de bestjoersleden --- dêrta opropt. -----
3. It oproppen ta de gearkomste bart op syn minst sân dagen yn it foar, de dei fan it oproppen en dy fan de gearkomste net meirekkene, troch in oproppingsbrief. De oproppingsbrief kin digitaal ferstjoerd wurde. -----
4. In oproppingsbrief neamt, behalve plak en tiid fan de gearkomste, de ----- ûnderwerpen dy't behannele wurde sille. -----
5. De gearkomsten wurde laat troch de foarsitter. As dy ôfwêzich is, soargje de ---- bywêzige bestjoersleden sels foar de lieding fan de gearkomste. -----
6. Tagong ta bestjoersgearkomsten hawwe de bestjoersleden dy't yn funksje binne en dejingen dy't dêrta troch it bestjoer útnûge binne. -----

Kêst 7 -----

1. It bestjoer kin yn in gearkomste allinnich besluten nimme as de mearderheid fan de bestjoersleden dy't yn funksje binne, de gearkomste bywennet of ----- fertsjintwurdige is. -----
In bestjoerslid kin him yn in gearkomste fertsjintwurdigje litte, neidat in folmacht ôfjûn is, dy't neffens it oardiel fan de foarsitter fan de gearkomste foldwaande -- wêze moat. In bestjoerslid kin dêrby mar foar ien oar bestjoerslid as folmacht --- hannelje. -----
Is yn in gearkomste net de mearderheid fan de bestjoersleden dy't yn funksje --- binne bywêzich of fertsjintwurdige, dan wurdt in twadde gearkomste byinoar ---- roppen, dy't net earder holden wurdt as twa en net letter as fjouwer wiken nei -- de earste gearkomste. Yn dy twadde gearkomste kin likefolle it tal bywêzige of -- fertsjintwurdige bestjoersleden besletten wurde oer de ûnderwerpen dy't op de earste gearkomste op de wurklist set wiene. By it oproppen ta de twadde ----- gearkomste moat oanjûn wurde dat en wêrom't in beslút nommen wurde kin, -- likefolle it tal bywêzige of fertsjintwurdige bestjoersleden. -----
2. Salang't yn in gearkomste alle bestjoersleden bywêzich binne dy't yn funksje ---- binne, kinne jildige besluten nommen wurde oer alle ûnderwerpen dy't oan de - oarder binne, mitsdat mei algemiene stimmen, ek al binne de foarskriften foar it oproppen en hâlden fan gearkomsten sa't dy yn it karbrief omskreaun binne, net yn acht nommen. -----
3. It bestjoer kin mei algemiene stimmen ek bûten gearkomsten besluten nimme. - Fan it beslút dat sa troch it bestjoer nommen is, wurdt troch de skriuwer in ----- relaas opmakke, dat nei mei-ûndertekening troch de foarsitter as notulen ----- bewarre wurdt. -----

4. Alle bestjoersleden hawwe it rjocht ta it útbringen fan ien stim. -----
Foar safier't dit karbrief gjin gruttere mearderheid foarskriuwt, wurde -----
bestjoersbesluten nommen mei absolute mearderheid fan de jildich útbrochte -
stimmen. -----
5. Alle stimmings yn in gearkomste wurde mûnling dien, of it moat wêze dat ien -
of mear bestjoersleden foar de stemming in skriftlike stemming easkje. Skriftlike -
stimmings wurde mei net-tekene, tichte briefkes dien. -----
6. It bestjoerslid dat in direkt of yndirekt persoanlik belang hat dat tsjinstridich is --
mei it belang fan de Stifting en de dêrmei ferbûne organisaasje, meldt dat -----
fuortendaliks oan de oare bestjoersleden en ferskaft dêr alle relevante -----
ynformaasje oer. De oare bestjoersleden beslute bûten oanwêzigens fan it -----
oanbelangjende bestjoerslid oft it giet om in belang dat tsjinstridich is mei it ----
belang fan de Stifting en de dêrmei ferbûne organisaasje. In bestjoerslid nimt ---
net diel oan it beried en de beslútfoarming as it oanbelangjende bestjoerslid ---
dêrby in direkt of yndirekt persoanlik belang hat dat tsjinstridich is mei it belang
fan de Stifting en de dêrmei ferbûne organisaasje. Wannear't dêrtroch gjin -----
bestjoersbeslút nommen wurde kinne soe, wurdt it beslút lykwols nommen -----
troch it Bestjoer ûnder skriftlik fêstlizzen fan de oerwagingen dy't foar it beslút --
de grûnslach foarmje. -----
7. Blanko stimmen wurde beskôge as net útbrocht te wêzen. -----
8. Yn alle skelen oangeande stimmings beslist de foarsitter fan de gearkomste. ---

Kêst 8 -----

1. Njonken it wetlik foech dêrta fan it hiele bestjoer, fertsjintwurdige foarsitter en -
skriuwer – of by (ien fan) harren ôfwêzigens foarsitter en ponghâlder of skriuwer
en ponghâlder–de Stifting yn en bûten rjochten. -----
2. Foar kwitânsje foar yn bard jild kin de hantekening fan de ponghâlder of in oare,
troch it bestjoer dêrta machtige, persoan folstean. De ponghâlder kin -----
selsstannich besluten nimme oer ferplichtingen dy't net boppe in troch it -----
bestjoer steld maksimum komme. Bedraggen wurde fêststeld yn it húshâldlik ---
reglemint. -----

Fryske bewegingsorganisaasjes -----

Kêst 9 -----

1. Organisaasjes dy't mei it doel fan de Stifting ynstimme, kinne troch it bestjoer as
Fryske bewegingsorganisaasje talitten wurde ta de Advysried van de Stifting, as -
op syn minst twatredde part fan de bestjoersleden foar dy talitting is. -----
2. De Fryske bewegingsorganisaasjes hawwe elk it rjocht om leden oan te leverjen
foar de kommissjes fan de Stifting. De ynstelling fan kommissjes en ledetallen ----
wurdt regele yn it húshâldlik reglemint. -----

Stipers -----

Kêst 10 -----

1. De Stifting hat: -----
 - a. Gewoane stipers; -----
 - b. Jongereinstipers. -----
2. In stiper meldt him oan by de Stifting troch de foarm fan syn stiperskip op te ----
jaan by de Stifting. -----
3. De gewoane stipers betelje jierliks in bedrach dat net ûnder in troch it bestjoer -
te stellen minimum komt. Stipers krije de periodiken fan de Stifting tastjoerd, ---
wurde útnûge foar de iepenbiere gearkomsten fan de Stifting en hawwe de -----
mooglikheid om útstellen te dwaan en fragen te stellen.. -----



4. De minimum stipebedraggen wurde regele yn it húshâldlik reglemint. -----

Jildmiddels -----

Kêst 11 -----

De jildmiddels fan de Stifting besteane út: -----

- a. De bydragen fan de stipers; -----
- b. Subsydzjes; -----
- c. Jeften; -----
- d. Oare baten. -----

Boekjier, rekken en ferantwurding, begutting -----

Kêst 12 -----

1. It boekjier fan de Stifting rint lykop mei it kalinderjier. -----
2. It bestjoer is ferplichte om fan de fermogenstastân fan de Stifting en alles oangeande de wurksumheden fan de Stifting, neffens de easken dy't folgje út dy wurksumheden, op sa'n wize in administraasje te fieren en de dêrta hearrende - boeken, stikken en oare gegevensdragers op sa'n wize te bewarjen, dat dêrút --- altyd de rjochten en ferplichtingen fan de Stifting neigien wurde kinne. -----
3. Elk kalinderfearnsjier makket de ponghâlder in balâns en in steat fan baten en -- lêsten op dy't ynsjoch jouwe yn de finansjele situaasje fan de Stifting. Dy stikken wurde yn de earste gearkomste nei dat fearnsjier yn it bestjoer taljochte en ----- besprutsen.-----
4. Oan 'e ein fan elk boekjier wurde de boeken fan de Stifting ôfsletten. Dêrút ----- wurdt troch de ponghâlder in balâns en in steat fan baten en lêsten oer it ôfrûne jier opmakke, hokker jierstikken mei in rapport fan in accountant of fan in ----- kaskommisje, binnen seis moannen nei ôfrin fan it boekjier oan it bestjoer ----- oanbean wurde. -----
5. It bestjoer kin, mits mei algemiene stimmen en foarsafier't de wet dat tastiet, --- beslute dat yn ôfwiking fan it bepaalde yn kêst 4 de jierstikken it sûnder in ----- rapport fan de dêr neamde saakkundigen dwaan kin, of dat in rapport fan in --- oare troch it bestjoer oan te wizen saakkundige genôch is. -----
6. It bestjoer is ferplichte om de boeken, stikken en oare gegevensdragers dy't yn - de foargeande lidden bedoeld binne, foar de doer fan tsien jier te bewarjen. ----
7. De gegevens dy't op in gegevensdrager oanbrocht binne, kinne op in oare ----- gegevensdrager oerbrocht en bewarre wurde, mitsdat it oerbringen dien wurdt mei krekte en folsleine werjefte fan de gegevens en dy gegevens ûnder de ----- folsleine bewartiid beskikber binne en yn in ridlike tiid lêsber makke wurde ----- kinne. -----

Kêst 13 -----

1. It bestjoer is belêste mei it bestjoeren fan de Stifting. -----
2. It bestjoer hat it foech om te besluten ta it oangean fan oerienkomsten ta ----- winning, ferfrjemding en beswierring fan registergoed. -----
3. It bestjoer hat it foech om te besluten ta it oangean fan oerienkomsten dêr't de - Stifting him as boarch of solidêre meiskuldner by ferbynt, him foar in tredde ---- sterk makket of him ta wissichheidstelling foar in skuld oan in oar ferbynt. -----
4. Neilittenskippen meie allinnich ûnder it foarrjocht fan boelbeskriuwing ----- oanfurdige wurde. -----

Adviseurs en kommisjes -----

Kêst 14 -----

1. It bestjoer kin persoanen fan wa't it in saakkundige ynbring by it neistribjen fan - syn doel ferwachtet, beneame ta adviseur. -----

2. It bestjoer kin ien of mear adviseurs foar syn gearkomsten útnûgje. Sy hawwe --- dêr it rjocht fan sprekken. -----
3. De Stifting kin kommisjes ynstelle foar it útbringen fan advys oer beskate ----- ûnderwerpen en/of útfieren fan beskate taken. -----

Húshâldlik reglemint -----

Kêst 15 -----

1. It Bestjoer hat it foech om in húshâldlik reglemint fêst te stellen, dêr't de ----- ûnderwerpen yn regele wurde, dy't net yn it Karbrief stean. -----
2. De regleminten meie net stridich wêze mei de wet of it Karbrief. -----
3. It Bestjoer hat altyd it foechom de regleminten te wizigjen of op te heffen. -----
4. Op it fêststellen, wizigjen en opheffen fan de regleminten is itjinge dat bepaald is yn kêst 17 lid1 fan soartgelikense tapassing. -----

Personiel -----

Kêst 16 -----

1. Om it wurk fan de Stifting te befoarderjen, kin de Stifting personiel yn it wurk --- hawwe. -----
2. De rjochten en plichten fan it personiel wurde troch de Stifting yn in ynstruksje - regele. -----

Feroaring fan karbrief en ûntbining fan de Stifting -----

Kêst 17 -----

1. It bestjoer hat it foech om it karbrief te feroarjen of de Stifting te ûntbinen. In --- beslút ta karbriefwiziging of ûntbining moat mei twatredde fan de stimmen ---- nommen wurde yn in gearkomste dêr't alle bestjoersleden bywêzich of ----- fertsjintwurdige binne. -----
2. De wiziging moat mei strafdriging fan neatigens mei in notariële akte ta stân ---- komme. Elke bestjoerslid ôfsûnderlik hat it foech en lit de oanbelangjende akte - passearje. -----
3. De bestjoersleden binne ferplichte om in autentyk ôfskrift fan de wiziging en it -- wizige karbrief del te lizzen op it kantoar fan it hannelsregister. ----- Elk lid fan it bestjoer en ek dyjingen dy't eventueel yn it beslút ta karbriefwiziging troch it bestjoer dêrta oanwiisd binne, binne machtige om, by it beslút ta in ---- karbriefwiziging, de akte fan karbriefwiziging passearje te litten en te ----- ûndertekjen, alles mei de macht ta substitúsje. -----
4. As it bestjoer beslút ta ûntbinen, wurdt boppedat de bestimming fan it ----- likwidaasjesaldo fêststeld. Yn alle gefallen moat (yn ferbân mei it behâlden fan -- de saneamde "ANBI-status" fan de Stifting) it likwidaasjesaldo bestege wurde ---- foar in saneamde "algemeen nut beogende instelling" dy't likernôch itselde doel hat as de Stifting. -----
5. Nei ûntbining wurdt de fereffening troch de bestjoersleden dien, of it moat wêze dat by it beslút ta ûntbining oaren as fereffeners oanwiisd binne. -----
6. Nei ôfrin fan de fereffening sille de boeken, stikken en oare gegevensdragers fan de ûntbûne Stifting foar de doer fan de termyn dy't de wet foarskriuwt, bewarre wurde troch de (rjochts)persoan dy't dêrfoar troch de fereffeners oanwiisd is. ---
7. Op de fereffening binne fierders de bepalingen fan Titel 1. Boek 2 fan it ----- Boargerlik Wetboek fan tapassing. -----
8. Under de fereffening bliuwe de bepalingen fan dit karbrief safolle mooglik fan -- krêft. De fereffener hat deselde foegen, plichten en oanspraaklikheden as in ---- bestjoerslid foarsafier't dy te ferienigjen binne mei de taak as fereffener. -----



9. As de Stifting op it stuit fan syn ûntbining gjin baten mear hat, hâldt er op te -----
bestean. It bestjoer docht dêrfan opjefte by it register bedoeld in lid 3. Yn alle ---
oare gefallen is der in fereffening fan it fermogen fan de Stifting mei it yn acht ---
nimmen fan de wetlike regels datoangeande. -----
10. De Stifting bliuwt nei syn ûntbinen bestean foarsafier't dat ta it fereffenjen fan --
syn fermogen nedich is. Yn stikken en oankundigingen dy't fan de Stifting -----
útgeane moat dan oan de namme tafoege wurde: 'yn likwidaasje'. -----

Einkêst -----

Kêst 18 -----

Underwerpen dy't yn dit karbrief net of net foldwaande regele binne, wurde beslist --
troch it bestjoer of kinne regele wurde yn it húshâldlik reglemint dêr't neat yn stean -
mei dat yn striid is mei dit karbrief. -----

SLOT-----

FAN IEN EN OAR IS DIZZE AKTE passearre yn Surhústerfean op de datum yn it haad --
fan dizze akte neamd. -----

De komparanten binne my, notaris, bekend. De saaklike ynhâld fan de akte is oan de
komparanten opjûn en taljochte. De komparanten hawwe ferklearre yn te stimmen -
mei beheinde foarlêzing fan de akte en tidich foar it passearjen fan de ynhâld fan de
akte kennis nommen te hawwen en wiisd te wêzen op de gefolgen, dy't foar partijen
út de akte folgje. -----

Dizze akte is beheind foarlêzen en daliks dêrnei ûndertekene, earst troch de -----
komparanten en dêrnei troch my, notaris, om *derbierwurk en yftig minuten*

(Folget ûndertekening)

ÛTJÛN FOAR ÔFSKRIFT:

